

DE LOBELIA FAN DE ROEKEBOSK

Douwe van der Ploeg

Soms makket men jinsels bliid mei in (heal)deade mosk. Yn july fan dit jier belle Sjoerd Bakker fan Steatsboskbehear my, dat er op 'e âlde kwekerij yn de Roekebosk by Aldemardum in plant fûn hie, dy't er net rjocht te plak krije koe. As er de floara der by helle, kaam er út by de klokjesfamylje, mar de blomkes wiene gjin klokjes, mar earder in soarte fan lipblomkes. Myn tinzen gongen, doe't ik dat hearde, al yn de rjochting fan in Lobelia.

in prachtige fynst

Doe't Bakker en ik it fynplak beseagen, die bliken dat it plantsje der by hûnderten fleurich stie te bloeien. It wie yndie in *Lobelia* en ik hâlde it op *Lobelia urens*, wy soene sizze kinne de Skerpe lobelia, fanwegen it skerpe molkesap. Ik koe *Lobelia urens* út it Noarden fan Frankryk. Fierder komt dizze soort oan syn noardlike grins ek foar yn Súd-Ingelân en in tal jierren ferlyn is it ek fûn yn België.

Wy makken ús al bliid dat dit atlantyske plantsje dus wer in nij groeiplak in pear hûndert kilometer nei it noarden fûn hie. It groeiplak yn de Roekebosk kaam hast alhiel oerien mei wat der fan de súdliker fynplakken beskreaun stiet.

Hjir yn de Roekebosk leit noch it iepen plak fan wat earder de gemeentekwekerij wie. De kwekerij, beheard troch de wurkmienskip Waghenbrugghe, is al trije jier ferlitten (oerbrocht nei Harich) en no eigendom fan Steatsboskbehear. SBB hat ferline jier it grutste part fan it terrein beplante mei jonge ikebeamkes en sawat yn 'e midden in slinke groeven en in soarte fan fiver mei in plak dêr't in tefolle oan wetter oerrinne kin nei de Luts. Dêr omhinne is de rike boppegrûn ôfskood. By slinke en fiver lâns waaksje allinne wat lytse pioniersplantsjes op de keale grûn. Op de oergong nei de wat hegere grûn

stiene no de Lobeliaplantsjes. Hast mantsje oan mantsje en se bloeiden folop mei lytse bleekblauwe blomkes. In prachtige fynst dêr't wy tige wiis mei wiene.

de twivel

Doe't ik letter it terrein nochris wer besocht, fûn myn maat noch wer in hiel plak dêr't de planten ek noch folle mear mansk wiene en ryk fruchten droegen.

Doe't ik dy fruchten seach kaam der in bytsje twivel by ús boppe. Dy fruchten wiene tige grut, eins mar frijwat opblaasd, like it wol. Hie *Lobelia urens* wol sokke opblaasde fruchten? It stie my net foar, mar ik hie *Lobelia urens* ek noch mar in inkele kear sjoen. Mar doe't ik in amearikaanske floara der by helle, waard de twivel allinne mar grutter.

Lobelia inflata

Al ridlik gau (ek troch in reaksje fan it Ryksherbarium en fan drs. Eddy Weeda, dy't mei my it fynplak besjoen hie) waard it wissichheid: wy hiene net te meitsjen mei de Europeeske (atlantyske) *Lobelia urens*, mar mei in Amearikaanske soarte *Lobelia inflata*, de "Indian tobacco", in plant fan û.o. berms en iepen plakken yn bosken. It foel ús eins tige ôf. It is folle nijsgjirriger in Europeeske plant te finen dy't syn ferspriedingsgebiet útwreidet, as in Amearikaanske plant dy't hjir "by ûngelok" telâne kommen is. Mar dan komt fansels noch wol de fraach: hoe is dy plant hjir sa belâne. Want it giet net om in tafalsfynst fan ien inkeld plantsje, mar der steane hjir wol in pear hûndert en sa te sjen tige nei it sin.

de skiednis fan it fynplak

It seit himsels dat jo dan ris begjinne nei te tinken oer de skiednis fan it fynplak. En dan wurdt ien en oar wol dúdlik. Troch ynformaasje hjir en dêr (û.o. fia de hear Leeftang fan Waghenbrugghe, en de hear Jongsma fan de Kruidhof yn Bûtenpost) kaam ik te witten dat der eartiids, ein fyftiger begjin sechstiger jierren, hjir yn de Roekebosk in krudetún west hat, dêr't genêskrêftige krûden kweekt waarden. Op mear plakken is yn dy jierren (it heucht my by neier ynsjen ek wol) mei it kweken fan medisinale krûden eksperimentearre, fral ek op oanstean fan de rykstûnboukonsulint ir. C.M. van der Slikke en de hear W. Blaauw, sjef fan de proeftún yn Bûtenpost. De kweekte krûden, ek dy



Lobelia inflata

foto Douwe van der Ploeg

fan de Gaasterlânske kwekerij, gongen nei de krûdedroegerij op Hústernoard (Westergeast) en ek wol nei in droegerij yn Dútslân. It droege produkt gong dan nei de farmaseutyske yndustry. De hear T. van der Meer fan Bûtenpost wist my te fertellen dat op de tún dêrre, mei oare krûden, ek *Lobelia inflata* ferboud waard, ikkers fol. Trouwens, yn de Encyclopedie van Friesland (1958) falt ek te lêzen, dat ien fan de wichtigste krûden dy't op de krûdetunen ferboud waarden, de "opgeblazen lobelia" wie! De plant waard doe yn oare lannen al lang kweekt om der in genêsmiddel út te meitsjen û.o. tsjin astma. Lobelia tinctuur waard by ús wol foarskreaun. Om 't it teeltplan foar de tún yn Gaasterlân foar in part ek makke waard troch de hear Blaauw fan Bûtenpost, mochten wy wol oannimme dat op de kwekerij yn de Roekebosk ek Lobelia ferboud waard. Dat dit indie sa wie, wist ús de hear H.A. Meijers út Aldemardum, âld-opsichter fan de gemeentebosken en -kwekerij, te fertellen. Yn it lêst fan de fyftiger, begjin sechstiger jierren waard der wol in 25 are fan dizze Lobelia ferboud. Dat moast mei soarch behannele wurde (net mei wiet waar ynsammelje en sa) en gyng nei in droegerij yn Dútslân. Omt de krûdekwekerij yn de Wâlden dochs net dy opgong makke dy't der fan ferwachte waard, is der fan dizze foarm fan tûnbou eins neat oerbleaun. Allinne de tún yn Bûtenpost waard yn oare foarm fuortset, earst as proeftún fan de Grinzer universiteit ûnder lieding fan pref. Van Os en no mear as publykslûker. De krûdetún yn Gaasterlân ferfoel ek en waard omset yn in beamkwekerij, û.o. foar plantguod foar de gemeentebosken. De tún waard dreaun troch de wurkmienskip Waghenbrugghe. Alde meiwurkers fan de beamkwekerij wisten my te fertellen dat der noch jierrenlang tusken de beamkes medisinale krûden opkamen, dy't omskoffele waarden. Miskien, of better moai wis, ha dêr ek wol plantsjes fan *Lobelia inflata* by west. De hear Meijers alteast, dy't yn letter jierren wol gauris op de tún kaam, hat se der noch wol sjoen. Letter waard ek de beamkwekerij ferlitten. Yn 1976 gyngen de gemeentebosken oer nei Steatsboskbehear. De âlde kwekerij is yn 1990 mei SBB oergien, nei in ruil mei Waghenbrugghe. Waghenbrugghe krige in stik gerslân ûnder Harich fan SBB en lei dêr in nije kwekerij oan. Yn 1992 gie SBB der ta oer de ôfwettering fan de Roekebosk mear natuerlik te meitsjen. It ferlitten terrein fan de kwekerij waard foar in part beboske. Dêrby waard doe ek de slinke en de fiver groeven en kaam de grûn bleat dêr't de Lobelia it no sa nei it sin hat. Ik tink dat hjirmei it riedsel fan de Lobelia yn de Roekebosk wol oplost is!

it oerlibjen fan it plantsje

Allinne, hoe lang kin it sied fan dizze plant syn kymkrêft hâlde? Ut de literatuer is bekend dat fan guon soarten fan dit grutte plantegeslachte it sied yn elts gefal mear as tsien jier kymkrêftich bliuwe kin. It sied kin



Lobelia inflata

pentekening van de schrijver

dus ek wol in moai skoft yn de Gaasterlânske grûn sitten ha. Hast tritich jier soe wol hiel lang wêze, mar der is ek in oare mooglikheid. It is alhiel net sa ûnoannimlik dat der yn dy tuskentiid wolris in plantsje bloeit en fruchtset hat sûnder dat it opmurken is. It is eins mar in onopfallend blomke.

Lyk as boppe al sein ha âld meiwurkers fan de kwekerij dêr noch lang medisínale planten tusken de beamkes sjoen en de hear Meijers wist noch hiel goed dat er ek gauris *Lobelia inflata* noch sjoen hie. Der is dus grif ek wol farsk sied foarme.

Doe't dan SBB in part fan it terrein yngripend feroare troch 't opromjen fan de besteande fegetaasje en it bleatlizzen fan de grûn, kaam der ynienen in tige gaadlik miljeu foar *Lobelia* en grypte dy syn kânsen. Hûnderten fan plantsjes kamen der op. Der wie genôch sied oanwêzich en de earste plantsjes koene ek mar omraak útsiedzje. Sa moat it wol gien wêze.

En no bliuwt it dochs wol tige nijsgjirrich om te folgjen hoe't it fierder gean sil mei de

Lobelia fan de Roekebosk.

samenvatting

De *Lobelia* van het Roekebos.

In een door Staatsbosbeheer heringerichte voormalige boomkwekerij werd een *Lobelia*-soort gevonden, die aanvankelijk werd gehouden voor *Lobelia urens*, een o.a. in Frankrijk voorkomende Atlantische soort. Bij nader onderzoek bleek de plant echter *Lobelia inflata* "Indian tobacco", te zijn, een Amerikaanse soort.

Bij navraag bleek dat op deze plaats in het Roekebos in de vijftiger, begin zestiger jaren een kruidenkwekerij was gevestigd, waar naast andere medicinale kruiden ook *Lobelia inflata* werd geteeld. Na het verdwijnen van de kwekerij en boomaanplant heeft vermoedelijk zo nu en dan sindsdien een enkel exemplaar van *Lobelia inflata* gebloeid en zaad gevormd, waardoor na de herinrichting van het terrein een ware explosie van deze soort kon plaatsvinden.

D.T.E. van der Ploeg, Sytsingawiersterleane 132, 8605 CV Sneek.